

Bakker Sybren Andringa fertelt:

Moarns om healwei trijen begongen we te bakken en om acht oere even nei hûs ta om te iten en dan om njoggen oere sutelje. Sa wie it by ús. Letter mochten je net foar tsien oere sutelje. De plysje stie altyd op ús te loeren. We ha ek hân dat se moarns net foar sân oere begjinne mochten. Dan stiene der trije bakkers te wachtsjen ûnder de poart oant de klok sloech en dan begongen se pas te bakken. We sutelen moarns meast yn 'e buorren en middeis gongen we mei de skou bûtenút. Soms moarns ek al bûtenút. Ik wie altyd bliid as ik moarns de bakkerij út koe en it fjild yn. Ik hie wol by de wetterplysje wollen mar dêr is neat fan kommen. Ik moest bakker wurde.

Us boatsjes leine altyd yn de haven tsjin dominee syn tún oan. De grutte boat earst en de sylskou hiene we der achter. Bûtenút wie it yn 'e oarloch altyd roeie. We hiene doe wol in motor mar yn de oarloch krigen we fan de Dútsers gjin tawizing foar bensine. De bûterfabryk hie wol tawizing mar wy net. Fan de fabryk brutsen se winters it iis mei sterke boaten mar dy hiene wy net. Us heit gong, as der iis wie, mei in iispjuk foar yn de skou stean. In skou sûnder boeisels. En omdat we gjin bensine krigen hat er doe bij David de Wit op 'e Pôlle in brede skou meitsje litten. Us heit sei: "Meitsje der mar in brede bak fan."

Bûtenút hiene we ferskillende rûtes. En elke rûte diene we trije kear yn 'e wike. De iene moandeis, woansdeis en freedse en de oare op tiisdeis, tongersdeis en sneons. Moandeis gongen we earst de Blieken yn en dêrnei oer de mar nei Pean, Goaiingahuzen, Sitebuorren en troch de Burd wer nei Grou ta. Tiisdeis gongen we nei de klanten oan de Wergeasterfeart oan de Tútsebrêge ta. Dan nei Hendrik Keidel oan de Biggemar en de Boarchsleat yn. Dy wie doe noch iepen. Fierder nei de klanten yn it Wyldlân en op Trijehús. Dan de Ultsjebuorsterfeart yn en troch de Mûzel wer nei de Biggemar. Sjoch it kaartsje.

We gongen de Modderige Bol yn oan Romkema ta. Dy wenne bij de twadde slûs. Dat wie in heel ein. Der fearen we dus trije kear yn 'e wike oan ta. By Romkema hiene we in kear te min bôlen. It wie in grutte húshâlding en dy naam altyd seis bôlen en wy hiene noch fiif. We tochten dan krijt se hjoed ien minder net? Se woe lykwols gjin fiif ha. Se woe seis. Doe binne Tsjoard en ik apart wer nei Grou ta fearn om ien bôle op te heljen en dêr wer hinne te bringen. Dat wie al mei de motorskou.

De roeiskou der kin ik moaie ferhalen fan fertelle. Hy hie altyd in brún seiltsje. Soms fearen we yn de winter foar de wyn wer nei Grou ta en leine der allegear skossen yn it soal. Dy koene net in kant út en dan skoden se soms bij ús yn de skou. Dan moast as de bliksem nei foaren ta en dy skossen der wer útgoaie en it spotwetter koe je winters op 'e klean befrieze. Ien kear ha se ús heit op Pean úthakke moatten. In iisman wie er doe.

As it heel hurd waaide dan wiene de weagen op de le te grut. We gongen dan oer Soarre Moarre en de Botmar nei de Jansleat. Op de Botmar wiene de weagen koarter.

As alle lân ûnder wetter stie dan brocht bakker Hans de Jong it bôlleguod wol nei it molkfabryk. Dan kaam it yn de molkbussen en namen de molkfarders it mei. Dat diene wy net. Us heit woe beslist nei de klanten ta. Soms hie bakker Hans de Jong safolle yn de molkbussen treaun dat as wy kamen we ek noch hast neat ferkochten .

We ha it mei makke dat klanten sneons trije bakkers hiene. Sa kamen we bij Arends en Izak de Haan oan 'e ein fan 'e Blieken en dêr kaam dan ek bakker Van Dellen út Idaard. En we makken it sels mei

dat sneons op Cuba ek de Wartenster - en Earnewâldster bakker kamen. De konkurrinsje wie great. Alder raarst.

As winters it iis sterk wie dan rieden we altyd mei de grutte slide nei de klanten ta. Faak gong der dan noch ien mei. We bûnen dan in tou foar oan de slide fêst sadat de twadde man dêr oan lûke koe. Winters hiene wy ek it hynder fan Douwe Snoek by ús op stâl stean. Snoek hoechde it bist dan net te brûken. Wy fuorren him en as der sterk iis wie mei snie, kaam it hynder foar de slide.

Dit suteljen hold op doe 't der yn de fyftiger jierren diken troch it Lege Midden en it Leechlân oanlein waarden en de buorkerijen oer de dyk te berikken wiene.

Mei de auto ha we noch in pear jier op Goaiingahuzen sutele. We moasten dan bij Kroes mei in skou oer de sleat. Mar as er tefolle iis wie gongen we der mei de auto oer. Ien kear lei der te folle snie op it iis en Húsman, boer op de oare kant, kaam mei in trekker en in snieskower en soe foar ús de baan der even troch meitsje. Wy mei de auto achter him oan. Mar bij Romkema kipelden we sa mar troch it iis. Earst de rjochter- en doe de achterkant fan de auto. Even leine we op side en koe ik ús heit noch bij de hân pakke en der út krije. En drekt dêrnei sakke de auto ûnder it iis. En wy moasten troch de skossen "swemmend" nei de kant ta. Mei de heatakels fan Kroes en Romkema yn de beammen op de wâl hat in trekker, mei hynders op de wâl, de auto der wer út lutsen. Us heit hat dy hiele nacht oan de auto sleutele en de oare deis sutelden we der wer mei. Tsjin de jûn hold er dochs noch op omdat er tefolle wetter yn de bensinetank kommen wie.

Sybren Andringa